

Examen VMBO-GL en TL

2024

tijdvak 1
maandag 27 mei
9.00 - 11.00 uur

Fries CSE GL en TL

Bij dit examen horen een bijlage en een uitwerkbijlage.

Beantwoord alle vragen in de uitwerkbijlage.

Dit examen bestaat uit 39 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 43 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Tekst 1 Hans Jouta hie it byld fan Johan Cruijff fergees ek makke

- 1p 1 Hokker útspraak oer alinea 1 is goed?
- A Yn alinea 1 stiet in anekdoate.
 - B Yn alinea 1 stiet in yntroduksje.
 - C Yn alinea 1 stiet in konklúzje.
 - D Yn alinea 1 stiet in miening.
- 1p 2 "It byld fan Cruijff is foar him de kroan op it wurd." (rigel 6 en 7)
Wat betsjut dat foar Hans Jouta?
- A Foar Hans Jouta is it byld fan Cruijff it wichtichste byld dat er makke hat.
 - B Foar it byld fan Cruijff hat Hans Jouta in priis krige.
 - C It byld fan Cruijff is it lêste byld dat Hans Jouta makke hat.
 - D It byld fan Cruijff is it moaiste byld dat Hans Jouta makke hat.
- 1p 3 "Sûnder heit hie ik Cruijff net makke." (rigel 16 en 17)
Werom hie Hans Jouta sûnder syn heit it byld fan Cruijff net makke?
- A Omdat syn heit de útspraken fan Cruijff geniaal fûn.
 - B Omdat syn heit him altyd oantrune hat.
 - C Omdat syn heit him nei de Keunstakademy ta stjoerde.
 - D Omdat syn heit syn bêste maat wie.
- 1p 4 Hokker kopke past it bêste boppe alinea 3?
- A Begin
 - B Finlân
 - C Skybox
 - D Taktyk
- 1p 5 "Dat soe krekt wat foar him wêze". (rigel 35 en 36)
Nei wa ferwiist it wurd 'him'?
- A Geert Kuperus
 - B Hans Jouta
 - C Jari Litmanen
 - D Johan Cruijff
- 1p 6 "Hy socht kontakt mei Geert Kuperus". (rigel 36 en 37)
Wêrom socht Hans Jouta kontakt mei Geert Kuperus?
- A Omdat Hans Jouta Geert Kuperus noch koe fan de Keunstakademy.
 - B Omdat Hans Jouta wist dat Geert Kuperus in echte Ajax-fan is.
 - C Omdat Geert Kuperus de direkteur fan Ajax is.
 - D Omdat Geert Kuperus kontakten hat binnen Ajax.

- 1p 7 “Ik sei ... net wier.” (rigel 42-45)
→ Sitearje it **sinpart** dêr’t Hans Jouta yn útleit wêrom’t er in ûnwierheid fertelde aan Geert Kuperus. Helje dyn antwurd út alinea 3.
- 1p 8 “Sa is it begûn, goed tsien jier lyn.” (rigel 59)
Wat is neffens Hans Jouta goed tsien jier lyn begûn?
A It besykjen fan de skybox fan Ajax.
B It bewûnderjen fan syn held Cruijff.
C It kontakt mei ferneamde minsken.
D It meitsjen fan bylden fan fuotballers.
- 1p 9 Wat is it ferbân tusken it tekstpart “Doe’t Sjaak Swart ... nocht oan.” (rigel 60-66) en de sin “Der steane ... de skybox.” (rigel 66-68)?
A It is in konkludearjend ferbân.
B It is in oarsaaklik ferbân.
C It is in opsomjend ferbân.
D It is in tsjinstellend ferbân.
- 1p 10 “alles wat pommeranterich is, komt yn dy lounge.” (rigel 41 en 42)
→ Sitearje it **sinpart** yn alinea 4 dêr’t de beide foarbylden fan pommeranten yn neamd wurde.
- 1p 11 Hans Jouta fûn dat er it byld fan Johan Cruijff meitsje moast (alinea 5).
→ Hokker argumint brûkt Hans Jouta dêrfoar?
- 1p 12 “Nei de pitch haw ik it skaalmodel efterlitten yn Amsterdam.” (rigel 101 en 102)
→ Sitearje de **sin** dêr’t Hans Jouta yn útleit wêrom’t er it skaalmodel efterliet.
- 1p 13 “Doe’t ik de opdracht krike, haw ik flokt en güld.” (rigel 108 en 109)
Wêrom wie Hans Jouta sa emosjoneel?
A Omdat Hans benaud wie dat er de opdracht net oan koe.
B Omdat Hans syn gesin der nei ta libbe hie.
C Omdat Hans tocht dat er de opdracht net krike.
D Omdat it Hans syn dream wie om it byld te meitsjen.
- 1p 14 “Fanwege syn ûnneifolchber fuotbal en fanwege it trajekt dat er ôflein hat.” (rigel 120-122)
→ Hokker **wurd** yn alinea 8 dekt de lading fan it sinpart “fanwege it trajekt dat er ôflein hat.”?

- 1p 15 Wat is it ferbân tusken de sin “Ast in ... wurk yn.” (rigel 142-145) en de sin “In frame ... gewoan wurk.” (rigel 145-148)?
A It is in konkludearjend ferbân.
B It is in oarsaaklik ferbân.
C It is in tsjinstellend ferbân.
D It is in útlizzend ferbân.
- 1p 16 “‘ús heit is de man dy’t it fan de beukerskoalle ôf op de rit set hat.” (rigel 158-160)
→ Yn hokker alinea jout Hans Jouta in taljochting by dy útspraak?
- 1p 17 Wat is it doel fan de skriuwer fan dizze tekst?
A ynformearje
B oantrune
C oertsjûgje

Tekst 2 Natuer en lânbou botse

- 1p 18 Yn alinea 1 stiet “No, ik kin dy út eigen ûnderfining fertelle dat it krekt hiel goed giet”. (rigel 8-10)
→ Lis út wat krekt hiel goed giet neffens Yde Wierda.
- 1p 19 Wat tocht Yde Wierda oer it boer-wêzen doe’t er lyts wie?
A As lyts jonkje hie er der net echt oer neitocht om boer te wurden.
B As lyts jonkje tocht er dat boer wêze net sa dreech wêze soe.
C As lyts jonkje wist er goed wêrt er oan begûn, krekt as syn heit dy’t boer wie.
D As lyts jonkje wist er hiel seker dat er boer wurde woe, mar pas as er trouw wie.
- 1p 20 Yn alinea 3 seit Yde Wierda: “Mar, it rint sa’t it rint.” (rigel 33)
→ Wêr doelt Yde Wierda op mei dy útspraak?
- 1p 21 Yn alinea 4 wurdt útlein dat boeren meidwaan kinne oan it projekt ‘Beter voor Koe, Natuur & Boer’.
Op hokker twa wizen kinne boeren meidwaan?
A Natuerlân brûkber meitsje foar it bedriuw en lân oan de gemeente weromjaan.
B Natuerlân oan de pleats ferbine en lân oan de natuer weromjaan.
C Natuerlân weromjaan oan de gemeente en safolle mooglik kij bûten los rinne litte.
D Safolle mooglik kij op it lân los rinne litte en natuerlân brûke om op te buorkjen.
- 1p 22 Hoe learde Yde Wierda it natuurgebiet Sippen-finnen kennen?

- 2p 23 "Se binne skjin, moai drûch op de poaten en glânzje deroer".
 (rigel 12 en 13)
 → **Sitearje** trije oare foarbylden dêr't út bliken docht dat de kij it yn de Sippen-finnen goed hawwe. Helje de foarbylden út alinea 7.
- 1p 24 Wat is de haadfunksje fan alinea 10?
 A Yde Wierda jout in advys.
 B Yde Wierda jout in ferliking.
 C Yde Wierda jout in miening.
 D Yde Wierda jout in warskôging.
- 2p 25 Hjirûnder wurde trije tuskenkopkes jûn.
 → By hokker alinea past it tuskenkopke?
- | | |
|-----------------------------|------------|
| Ko út de sompe rôde | Alinea ... |
| Tagonklik foar rekreanten | Alinea ... |
| Wolwêzen foar natuer en fee | Alinea ... |
- 1p 26 Hokker doel hat boer **Yde Wierda** foaral mei it dielen fan syn ferhaal?
 Helje dyn antwurd út alinea 10.
 A Hy wol minsken genietsje litte fan kij dy't losrinne yn natuurgebieten.
 B Hy wol minsken ynformearje oer it ferskil tusken it wark fan boeren en dat fan natuerbehearders.
 C Hy wol minsken ynspirearje mei syn ferhaal dat boeren en natuer al mei-inoar gean kinne.
 D Hy wol minsken oanmoedigje om better om de bisten en de natuer te tinken.
- 1p 27 Hokker doel hat de **skriuwer** mei de tekst?
 A ferdivedearje
 B ynformearje
 C ynspirearje
 D oantrune
- 1p 28 Yn de titel giet it oer it botsen fan natuer en lânbou. Yn alinea 10 seit Yde Wierda dêr wat oer.
 Wat bedoelt Yde Wierda mei syn útspraak oer dit botsen fan natuer en lânbou?
 A Neffens Yde Wierda hat it net mei-inoar warkjen tusken agrariërs en natuerbehearders mei jild en belangen te krijen.
 B Neffens Yde Wierda is it net goed dat boeren yn telefyzjeprogramma's mei-inoar botse oer it gebrûk fan it fee en natuurgebiet.
 C Neffens Yde Wierda kinne kij, agrariërs en natuerbehearders net mei-inoar gebrûk meitsje fan in natuurgebiet.
 D Neffens Yde Wierda roppe minsken dy't der minder doel oer hawwe en oars oer tinke fan alles oer agrariërs.

Tekst 3 Frysk heart der gewoan by

- 1p 29 Wat is de funksje fan de ynlieding boppe de tekst?
De skriuwer wol de oandacht fan de lêzer lûke troch yn it foar
A de lêzer te prikkeljen mei in útspraak oer ferhalen.
B in konklúzje fan de tekst te jaan.
C in tsjinstelling te jaan tusken it wark as flogger en skriuwer.
D twa persoanen en harren wark te yntrodusearjen.
- 1p 30 Hokker wark docht Lida as berneboeke-ambassadeur?
A Se besiket skoallen om foar te lêzen en te fertellen.
B Se giet op toernooi troch Fryslân by de gemeenten del.
C Se makket flochs oer de boeken dy't se skreaun hat.
D Se makket koffers mei Fryske boeken en dielt dy op de skoallen út.
- 1p 31 Wat fine Lida en Tjits fan it brûken fan de Fryske taal?
Helje dyn antwurd út alinea 2.
- 1p 32 Hokker oerienkomst is der tusken de ambassadeursaktiviteiten fan Lida en Tjits?
Helje dyn antwurd út de alinea's 3 en 4.
- 1p 33 Hokker tuskenkopke past it bêste by alinea 5?
A Frysk as memmetaal
B Frysk-Nederlânske berneboeken
C Nije wurden leare
- 3p 34 Wa beweart wat oer de positive effekten fan lêzen? Set in krûske.

	Lida	Tjits
Troch lêzen learst nije wurden.		
Troch lêzen moast neitinke.		
Troch lêzen ûntwikkelje harsensellen harren.		
Troch lêzen wurdt de ferbylding stimulearre.		

- 1p 35 Wat is it ferbân tusken de alinea's 5 en 6?
A It is in gearfetsjend ferbân.
B It is in konkludearjend ferbân.
C It is in oanfoljend ferbân.
D It is in tsjinstellend ferbân.
- 1p 36 Tjits hat ien fan de boeken út de lêskoffer fan Lida Dykstra foarlêzen oan har bern.
→ Yn hokker alinea wurdt dat dúdlik?

- 1p 37 Yn de ynlieding wurdt de fraach steld ‘Hoe sjogge Lida Dykstra en Tiffany van der Wal nei inoars wurk?’
Yn hokker alinea’s wurdt dêr in antwurd op jûn?
A Alinea 1 en 4
B Alinea 1 en 5
C Alinea 2 en 6
D Alinea 2 en 7
- 1p 38 Hokker bewearingen binne wier?
Bewearing 1. Tjits soe Lida har wukr wol dwaan wolle.
Bewearing 2. Lida soe Tjits har wukr wol dwaan wolle.
A Beide bewearingen binne wier.
B Beide bewearingen binne net wier.
C Bewearing 1 is wier, bewearing 2 net.
D Bewearing 2 is wier, bewearing 1 net.
- 1p 39 Hoksoarte tekst is ‘Frysk heart der gewoan by’ foaral?
A beskôgjende tekst
B ynformearjende tekst
C oantrunende tekst
D oertsjûgjende tekst

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift.